

In ferhaal oer de ramp mei it beurtskip 'Willem III' yn de nacht fan 30 op 31 jannewaris 1877, út Sipke Feenstra, *Koudum yn myn bernejierren* (Boalsert 1969), útwurke troch Jelle R. de Jong. Fan him bin ek de annotaasjes tusken rjochte heakken. De skriuwer wie sawat 5 jier doe't it skip ferûngelokke.

It wie woansdeitemoarn de 31e jannewaris fan it jier 1877. Wy sieten oan 'e breatafel. Douwe Haites [Visser] kaam de buorren del. Hy soe bepaald ris by syn skipke yn 'e Symkewyk sjen. It hie de nachts nammentlik stoarmwaar west. Lolke Dokkum kaam mei it pak [manufacturen] de strjitte op. Hy soe bepaald nei Himmelom of de Wâlde. Flak foar ús glêzen metten hja mekoar en as Douwe efkes in praatsje meitsje sil komt Josep Skuur [Schurer] mei tûzen harsten oanrinnen en hat bepaald wat hiel earnstichs te fertellen, teminsten te sjen hoe't dy, oars sa egale beide mannen út it stjoer reitsje. Heit seach dit en moast der fansels daliks mear fan witte. Doe't hy wer yn 'e hûs kaam, sei er: De Koudumer boat moat ferûngelokke wêze en der binne gâns wat deaden, nei't hja sizze. Wat ik hjir noch fan wit is dat mem alhielendal fan 'e wize rekke en dat der buorfroulju by te pas kamen. Heit hie de foarige dei ek mei dy boat wollen, mar hja hiene harren fersliept en om't heit net fluch op 'e gong wie, koe hy net ier genôch op 'e Dammen komme. De boat, 'Willem III', kaam nammentlik fan Staveren, dan die hy earst Warns oan, en dan op 'e Galamadammen wie it 'stasjon', sil ik it mar neame, foar Koudum.

Yn 'e grutte tsjerke yn Koudum hinget boppe de tsjerkfâdebank in boerd oan 'e muorre; mei moaie krolletters, sa't men se no mar kwaliks mear meitsje kin, stiet der yn simpele wurden in fers op skreaun. It hannelt oer lang, hiel lang ferline tiden en fertelt wat freeslik lijen doe de iene groep minsken de oare oandien hat. Faak haw ik wol foar dat boerd stien om te besykjen oft ik tusken dy rigels troch ek mear fan dat freeslike barren gewaar wurde koe as dy inkelde wurden fertelle. Mar dat woe nea. Pake hat ús wolris it ien en oar deroer ferteld, sa't it him dan ek wer ferhelle wie, mar hoe mear hy fertelle koe, hoe mear der te freegjen oerbleau. Ien fan dy rigels, ik mien de twadde is sa, as ik it noch goed ha: *In Coudum groot jammer men sag*, en dy wurden wiene alhiel fan tapassing op dy woansdei 31 jannewaris en de dagen dy't der op folgen. Folle wit ik der oars net fan as by oerlevering, want ik wie noch mar in jonkje, mar ik wit noch sekuer, dat myn broerke en ik mei mem oan 'e hân tusken in hiel bulte oare minsken bij de tsjerke hikke stiene en ik sjoch noch klear dat der trije kisten efter elkoar om it hof hinne droegen waarden en dat der in hiel soad minsken efter rûnen en alles wie swart as de nacht en dat gesicht hat my nea wer loslitten.

Der lei in swiere druk doe op 'e minsken en it wie ek in freeslike ramp. Der wiene fjirtjin minsken by om it libben komt sa't letter bliek en yn it doarp en omkriten koene de minsken mekoar sa goed wol, dat de iene it leed fan de oare hielendal oan- en meifielde. Ja, it wie doe ek wol sa hear: *In Coudum groot jammer men sag*. Hoe oft it dan allegearre krekt gien wie? Wat ik der fan wit is wat ien fan de minsken, dy't it meimakke hie, my ris ferteld hat, doe't wy der ris in pear oeren rêstich by sitte koene. Hy wie in kalm en bedaard man. Lit ik him mar Douwe neame. Syn ferhaal is omtrint sa: Doe 't de boat dy tiisdei neimiddei út Snits gie wiene der fiersten tefolle minsken oan board. It waaide hurd en it wie o sa kâld. Inkelden koene net iens plak krije yn ien fan de kajuten en boppe op wie it net noflik te wêzen. Mar der siet oars net op. Elk woe graach mei en yn Heech, hie men hope, soenen der wol frij wat minsken ôfgean. Dat kaam ek sa út. Der gongen inkelden ôf en ien nije kaam der bij, sadat de boat de mar yn stuts mei 37 passazjiers en seis man boatsfolk.

It wie stoarmwaar wurden en hja wiene noch net botte fier, doe sloech der ien fan de fierstente grutte ruten yn 'e efterste kajút kapot en kaam sa no en dan in grutte flap wetter nei binnen. Mei man en macht waard besocht dat gat safolle mooglik mei in taffeltsje of wat sekken ticht te hâlden, mar it joech net folle en it duorre net sa hiel lang of ek yn de foarste

kajút sloegen trije rúten kapot. Doe waard it allegearre wetter en elk dy't koe begûn mei sekken en sa, safolle as it koe dy gatten ticht te hâlden. En yn dy bedriuwen waard it in gerop en geskreau tsjin elkoar. De iene helte woe nei de wâl en de oaren woene trochsette en om't de lêsten it machtichst wiene waard der dan ek besletten om troch te gean. Der soe dy jûns yn Koudum yn 'e grutte tsjerke sprekkerij wêze. Mr. Kerdijk en dûmny Tinholt soenen prate oer iepenbier en bysûnder ûnderwiis en der wie my wol faak ferteld dat der in party fan dy mannen dy't trochsette woene hinne moasten, mar myn âlde freon Douwe sei, doe't ik dit oppere, dat hy der neat fan fernommen hie, mar wol dat hja allegearre graach nei hûs woene, want dy hiele lange kâlde nacht dêr op dy boat trochbringe as wie it dan oan 'e wâl en dan opinoar plakt as hearingen yn in fetsje, der hie nimmen sin oan. Fansels, hie men alles foarút sjoen, ja, dan wie men yn Snits net iens op dy boat stapt, mar hie sjoen in ûnderdak te krijen. No gong it op hûs oan en elk hie it folste fertrouwen yn 'e lieding en yn 'e seewearldichheid fan dy boat.

It wie in nije ferskinning yn 'e Súdwesthoeke, wêr't in houten skip -en oars wiene der doe noch net- it net bij helje koe, yn fierste fierte net. Dus mei moed en betrouwen der op los. Mar o heden. It duorre mar efkes en dêr fielden hja in skok. Hja hiene de grûn rekke. Hja kamen wer los mar fuort dêrop wer in skok en dy kaam sa bot oan dat it roer sloech kapot, de boat kaam wer los, rekke wer yn djip wetter en om't it stjoer fuort wie kaam it gefaarte dwerssee te lizzen. Doe wiene yn in hiel koarte tiid alle rúten kapot en streamde it wetter sa hurd as it koe foar en efter nei binnen en elts fleach sa hurd hy of sy koe nei boppen en doe fansels allegearre nei de lijkant. Doe 't hja it gefaar fan kanteljen seagen allegearre nei de oare kant, mar doe gie de boat ek wer oer. Sa hurd it koe kaam it wetter nei binnen, it kaam by it fjoer en doe koe de fluit ek net mear brûkt wurde. Noch efkes, doe strûpte it dek ûnder wetter en doe't de kiel de fêste grûn te pakken hie, wie der fan de boat oars net mear to sjen as de skoarstien en in inkeld stikje fan de ferskânsing en sa stiene trijenfjirtich minsken en inkelde bisten mei in lange kâlde jannewaris nacht mei stoarm en hagelbuien om harren hinne en de minsken omtrint oan 'e mul ta yn it iiskâlde wetter dêr op 'e Hegemermar sûnder ek mar in bytsje hope dat der guon yn it spier komme soenen om harren te rêden.

Wy kinne ús dat net mear yntinke. As it no barde en dy boat wie in oere oer syn tiid, ei no, dan telefonearre men dochs út Koudum of út Staveren nei Heech en frege hoe sit dat, wer bliuwt de 'Willem III' en blik it dan dat dy boat op 'e mar omdobbere, no dan wist men wol, dan wie der eat net yn oarder en stjoerde men in pear flinke motorboaten der op los om de hiele mar ôf te ljochtsjen en sa gau as it koe dy minsken te helpen. Ja, sa soe it no gean. Mar doe wie der fan telefoan en fan motorboaten en fan skynlampen neat bekend en yn Koudum, Warns en Staveren tocht men: de boat is yn Heech bleaun en yn Heech tocht men: hja binne al lang de mar oer. En wilens wiene foar dy minsken derre de minuten oeren. It wie in gerop om help, dan fan ien, dan fan mear tagelyk. Sa no en dan lieden hja de belle, mar it joech allegearre neat, nimmen hearde it, de stoarm wie oermânsk. De lûken dreauwen fan 'e rommen, sadat it ek o sa gefaarlik waard om hinne en wer te gean. Dy't yn it rom terjochte kaam, wie daalks ferlern. Freeslik moat it wêze wat dy minsken dêr dy nacht trochmakke hawwe. De hiele nacht hawwe der tsien manlju op 'e tsjettelkast stien mei oars gjin hâldfêst tsjin de stoarm as allegearre ien hân oan in keatling dat om 'e skoarstien lei en dy tsien hiene it bêste plak. Trijentritich oare minsken, wêrûnder in pear froulju, stiene yn it iiskâlde wetter en der tuskentroch wrotten inkelde bisten ek yn deabenaudens om.

It wie dan ek gjin wûnder dat der sa no en dan ien wei waard, sûnder dat immen it murk, elk skynde mear as genôch oan himsels to hawwen. Doe it begûn te skimerjen, de oare moarns, seach men earst it ôfgryslke. Alve minsken en inkelde bisten dreauwen dêr om de noch libbenen hinne en elk foar oar tocht sa komt it mei mij ek. Letter blykte it dat der ek noch trije

minskens oer board spield wiene. Mar it waard ljocht en de stoarm bedarde in bytsje. In nije dei, nije hope, nije moed. En ja, sjoch, kaam dêr net in skip oan út Heech wei? jawis. Mar wat no? Gie it troch? Harren foarby? Seach dy skipper harren dan net en hearden hja harren needgerop dan net? Nee, dat needgerop klonk net sa lûd mear en dy skipper, Age Feenstra, de fearskipper út it Heidenskip, dy't de jûns yn Heech lizzen bleaun wie, hie mar ien doel foar eagen: de Heidenskipster feart. Dêr moast hy hinne en de mar wie nochal oerstjoer, sadat hja de hannen te fol hiene om folle om harren hinne te sjen. Dêrby kaam, hja hiene hielendal gjin betinken op dy boat. Hienen hja dat hân, jawis, dan hiene hja omsjoen en dan ek holpen. jawis, fansels. Mar foar dy minskens wie it in klap. Hja hiene safolle as hja it noch koene, roppen, swaaid mei de earmen, lieden mei de belle, mar it wie allegearre om 'e nocht. Hja wiene wer safier hja eage koene fan alleman ferlitten.

In foech oere letter mienden inkelden fan harren oft it krekt wie oft dêr hiel yn 'e fierte op 'e Wâldwâl [Aldegea en Kolderwolde] in pear minskens stiene te digerjen harren kant út. Mar och, it duorre mar efkes, doe wiene hja ek wer fuort. Mar dochs nei in skoftke kamen der mear minskens op 'e wâl en it duorre net lang of inkelde fan de manlju dêr op dy tsjettelkast seagen dat der aksje kaam yn dat ploechje. Hinne en wer gerin en sa. Dan gyngen wer inkelde fuort, mar der kamen ek wer bij en der stie op it lêst in hiel ploechje. It duorre net lang, der kaam in mêst oerein en noch efkes, doe rop ien: In seil mannen, hja hawwe ús sjoen, ja, der komt in skip op ús oan. En ja, doe gyng it op in skriemen en laitsjen tagelyk. Want it wie wier: der kaam in skip oan en dat betsjutte foar dy minskens: rêding. Hoe? Dat wisten hja net, mar yn elk gefal noch efkes en dan koene hja dat beheinde plakje wêr't de dea fan alle kanten drige, ferlitte en dat wie doe foar de measten it iennichste útsjoch. Doe't it skip oan 'e boat fêstlei, wiene mar inkelden yn steat in foet te fersetten om op dat skip te kommen: de measten moasten der hinne droegen wurde en doe't alles oan board wie, sette dy skipper mei syn noedlike fracht koers nei de Galamadammen of nei 'de Dammen', sa't wy yn Koudum altyd seinen.

O, dy moaie dammen. As it winter wie, no dan moast de froast al hurd oanpakke as men der yn 'e Súdwesthoeke, wêr't men tusken de slûzen fan Staveren, Molkwar, Hynljippen en Warkum yn siet, fan de farwetters gebrûk meitsje koe. Mar dat wie net hiel slim. Men hie de putten en de fûgelhoeke en dêrtusken yn 'de Dammen' dêr't foar it jongfolk de fioele gyng en de skotse trije dûnse waard mei de jassen út. En as it dan ta wie oan it *Wilhelmus fan Nassouwe*, och man, dan waard der stamp oft it wie dat de lampe elke kear út en oan pûste. En de Koudumers en de Wâldsers en de Himmelommers en de Bakhústers, allegearre kamen hja der op oan. Dêr wie nea rûzje, mar altyd in hiel bulte nocht. Of as men der simmerdei siet, en seach nei it Westen, de Morra, en nei't Easten de mar oer, ja, dat wie om nea wer te ferjitten. Kastlein en kastleinske wiene der yn dy tiden Fimme Salmstra en syn frou Tsjerkje. Hja hiene bepaald nochal wat in húshâlding, ik wit teminsten wol dat yn elk gefal trije fan harren bern by ús op skoalle gyngen. Ik mien Jan en Jantsje en Berend. Ik soe dy poepen [Dútsers] miskien noch wolris wat ferjaan kinne, mar nea dat hja ús moaie 'Dammen' [yn 1945] sa finaal ferneatige hawwe. Wa't 'de Dammen' nochris hiel moai sjen wol, moat ris gean nei 'Hotel de Gouden Leeuw' to Snits. Der wennet in dochter fan de lettere kastlein Boersma. Dy hat fan 'de Dammen' in hiel moaie print.

Mar och minskens, wat dwaal ik fier ôf. Mar ja, sa giet it, Oer dy 'Dammen' soe ik noch wol in oere trochprate kinne, mar dêr giet it no net oer. Want sjoch, op dy woansdeitemoarn de 31e jannewaris fan 1877 kaam der ek gâns folk op 'e 'Dammen' ta. Mar it wiene gjin feinten en fammen mei redens yn 'e hân en kleuren as roazen, dy't straks foar de faam in framboaske en foar de feint in sûpke foar in stoer bestelle, en it wiene ek net fan dy stille pylgers dy't der hinne kamen om inkelde oeren troch te bringen yn stil geniet fan it sicht oer wide wetters en hege loft en wide fierten. Nee, dit binne minskens dy't hurd en jachtsjend rinne, inkelden

hast yn in draaf. De hiele nacht al wisten hja net wêr't hja it fine moasten, en dy nacht wie sa lang, sa freeslike lang. En no, no hat men sein (wa dat wit nimmen) dat der in skip op wei is nei 'de Dammen' mei de minsken oan board fan de 'Willem III', wêr't men sûnt justerjûn neat wer fan heard hat. En ja, no rint men hurd om sa gau as it kin gewaar te wurden hoe't it mei heit of mei de soan, mei mem of mei de dochter is, want ja, men is sa ûngerêst, sa bang, men hat yn 'e buorren sa raar opheard. En de dominys en de dokters en de boargemaster, hja geane fan 'e moarn allegearre ien wei: nei de 'Dammen'. En der op 'e 'Dammen'? Der yn 'e fierte, noch al in eintsje fuort, dêr komt stadichwei dat skip oan. Fan alles wurdt al ferûndersteld en bepraat. Net lûd, nee, dat is no gjin trewes, mear temûk. Mar inkelden, dy't wat mear fan de farenswensten ôf witte, sjogge wat dat net doocht. Der is nammentlik gjin fleugel oan 'e mêst. It is dus in skip wêr't de dea oan board is.

En ja, doe't it skip fêstlei, doe like it o sa min. In stik of wat fan 'e bêsten koenen sels oerein komme, mar fierwei de measten moasten de herberch binnen droegen wurde. En dan leinen der ek mear as tsien, dêr't gjin libben mear yn wie en dan wiene der ek noch fan 'e boat spield, dy moasten noch opfiske wurde. Freeslike toanielen hawwe har dêr doe op 'e dammen ôfspile. Mar yn 'e herberch sels, der waard arbeide en holpen. Tsjerkje, de frou, hie har kammenet en linnenkast leechhelle, en yn 'e wenkeamer de kachel goed waarm en der waarden dy minsken útklaaid en droech en waarm rost en krigen hja droege klean oan en dan hie Salmstra yn 'e taap kofje mei in skeut kejak dertroch foar harren klearstean en dan ite. Ja, der op 'e 'Dammen' is dy moarns hiel wat bard dat in minske foar tiden wer moed jaan kin. De dei dêrop hawwe de Koudumer klokken oan ien stik wei hast troch let. Eltse deade moast ien of twa dagen foar't hy of sy op it tsjerkhôf kaam, belieden wurde. De famylje kaam dan yn it stjerhûs gear en de klokken waarden dan mei koarte tuskenskoften trije kear fiif minuten let. Wie it in man, dan begûn de grutte klok earst en hâlde lêst op; wie it in frou dan de lytse. It wiene doe neare drôve dagen yn it âlde doarp en de omkriten.

Fimme Salmstra en syn frou Tsjerkje hawwe letter in nikkelen kastleinskofjekanne krige mei in fjoerstooftke der ûnder. Yn dy kanne stiet in ferske skreaun mei der ûnder de nammen fan 'e minsken dy't rêdden binne. Ien en oar is sa:

Ja, freeslik was de nacht
Nooit zal hij ons vergeten
Zelfs 't verre nageslacht
Zal die gebeurt'nis weten
Het blijde morgenrood
Blijft steeds ons in gedachte
Toen g' ons uw bijstand bood
En veler smart verzachtte.
U, edel mensenpaar
Zij dit tot roem geschonken
Door de geredde schaar
Mocht 'k als een parel pronken
Ter nagedachtenis in uw fiere woning
En oog en hart gericht tot onze God en Koning,
Wie komt die gunst te sta, voor liefdedienst en trouw
Wel, Fimme Salmstra en zijn geliefde vrouw.

De rêden persoanen binne: Kornelis de Boer en Harmen Velthuis, Staveren; Jakob Brouwer, Douwe Klapper, Jakob Reinstra, Heije Cuperus, M. Roorda, Arend Gras, Berend Gras, Koudum; Yke J. de Jong, Gerke R. v. Dijk, Anne Bajema, Pieter v.d. Zijpp, S.W. Muizelaar, Warns; Corn. v.d. Brug, Woudsend; Eeltje Elzinga, Oldeboorn, Jakob Hoekstra, Workum; Bouwe Kooistra,

Drachten; Arjen Pruiksma, Oudega (H. O. N.); Femme de Jong, Douwe Schaaf, Molkwerum; Gijsbert Asma, Lieuwe Hornstra, Bakhuizen.

Eigenaardich is it tinkt my, dat it boatsfolk hjir net oan meidien hat. Werom net dat haw ik net útfiskje kinnen. Dat wiene: Jan Zuidema, stjoerman; Jan de Jong, masinist; Freerk Lootsma, kelner; Knillis Bouma en Lucas Kool. De kapitein fan 'e boat, Foeke F. v. d. Wal wie mei omkomt. Ek hy leit yn Koudum op it tsjerkhôf.

Wat dy kofjekanne oangiet? Inkelde jierren lyn haw ik ris heard doe wie hy yn Coopersburg to Akkrum. Der skynde doe in neikommeling fan 'e Salmstra's te wêzen. Ik kin der ynkomme dat de famylje wiis mei dy kanne is, mar sa'n ding hearde oars, tinkt my, thús yn it Skipfeartmuseum to Snits. Dan koene folle mear minsken der nochris by stilsteane as no. Dat wie it ûngelok mei de Willem III. Tenei ris wer wat oars.

Jitris it ûngelok mei de 'Willem III'

Nei oanlieding fan myn relaas oer dit freeslike barren haw ik noch al in mannich fragen en oanfollingen krige. Foar de iene sawol as foar de oare myn tank. De measte fregers wolte graach witte wa't der by dat ûngelok de dea fûn hawwe. Hja sizze: *Ja Feenstra, jo fertelle wol wa't rêden binne, mar dy earne minsken, dy't it libben der by litten hawwe, wa wiene dat en hoe hjitten hja?* Ja sjoch freonen, der doarst ik my net oan weachje. Mei soks moat men o sa foarsichtich wêze en net wat sizze dat men net sekuer wit. Men soe dan minsken sear dwaan kinne en dat wol ik mei myn ienfâldige ferhalen alhielendal net. Ik kin der no mear fan fertelle. Fan in goefreon krige ik nammentlik in krante fan 10 febrewaris 1877 thús brocht. Dy krante, wiste hy wol, hie in sweager fan him altyd bewarre en him tochte dy moast ik no mar ris ynsjen. No Bosma, ik bin jo der tankber foar. Mei grutte belangstelling haw ik dat âlde giele blêd trochsneupt en dy âlde drôve stoarje stie noch ris yn syn hiele omfang foar my. It die my ek o sa goed, dat myn beskriuwing deroer hielendal oerienkomt mei wat dy âlde krante derfan fertelt.

Alderearst moat ik noch in namme neame fan immen dy't ek rêden is. Dat is Jotje Durks Hoekstra fan Warkum. It wie doe noch mar in jonge en dêrom sil it ek wol wêze, dat syn namme net op dy kofjekanne foarkomt. Syn heit mei in pear oare manlju hiene him al gau op 'e skoarstien fêstbûn. Hy hat fansels ek in hiel minne nacht hân, mar hy hat it trochstien. Ald is hy net wurden. Dat is net ien wurden fan dy jonge minsken, dy't doe rêden binne, dêrfoar hiene hja fiersten tefolle kjeld skipe. Jotje syn heit is der doe by ferûngelokke. Syn mem en suster wennen letter yn in kreas hûs yn Koudum, der sawat flak foar it Healepaad. It wie Durk Akke, sa't hja altyd neamd waard. Har man hjitte Durk Ykes, dy't ek yn Koudum wennen. It wie in echte âld Koudumer famylje.

Yn myn foarich skriuwen hie ik al ferteld dat der fjirtjin minsken by omkomt wiene. It wiene tsien manlju en fjouwer froulju. Ut dy âld krante blykt dat de jûns om acht oere al twa froulju dea wiene. De omkommen minsken hjitten: Durk Ykes Hoekstra, 57 jier; Anne Harings Velstra, 55 jier; Petrus Attema, 26 jier; Wietse Feddes Veersma, 37 jier; Jan Wabes de Jong, 26 jier; Pieter Annes Okkinga, 45 jier; Siebolt Feddes Wiersma, 25 jier; Gerben Foeke van der Wal, 50 jier; Foeke Gerrits van der Wal, 37 jier; Harmen Meines van der Sluis, 28 jier fan Langwar; Aeltsje Roelofs Hoekstra, 26 jier fan Lytsewierrum; Symentsje Ulkes Smit, 25 jier fan Ysbrechtum; Marijke Jacoba Kapper, 62 jier fan Easterwierrum en Sybrigje Thisses Altenburg, 25 jier, fan Easterein. Dat binne dan de nammen fan de ferûngelokke minsken. Der wie ek noch in ko en twa bargaen oan board. Dy bisten hawwe it ûnk ek net oerlibbe.

Nea, seit de skriuwer fan dit stik yn dy âld krante, nea is der sa'n grutte skare belangstellende minsken op it tsjerkhôf te Koudum by elkoar west, wol ik leauwe, as op sneon 3 en snein 4 febrewaris fan it jier 1877. En wat ek benearjend wie? It wie moai waar, mei in bytsje wyn ú it súdwesten en as de Koudumer klokken efkes swijden, dan hearde men dy fan Molkwar en Warns (wêr't ek begraffenis wienen op dat stuit) lieden. Earst waard dy sneon Siebolt Feddes Wiersma te hôf brocht. Hij wie net troud. Dominy Kropveld hie yn syn âldershûs de lykrede hâlden. By de gong nei it grêf rûnen frijwat minsken mei. In oere letter waarden Durk Ykes Hoekstra, Pieter Annes Okkinga en Jan Wabes de Jong tagelyk te hôf brocht. Dy trije deaden waarden tagelyk om it âld tsjerkhôf droegen. De begraffenis waard hâlden út 'It Wapen fan Fryslân' wei. Myn âlde freon Jan [Westhof] út Ljouwert hie it dus wol goed yn him opnommen, as wie hy doe ek noch mar seis jier. Do mienst ek dat der in kreupel famke yn dy stoet meirûn, skriuwst my? Ja jonge, der komme wy bepaald nea efter, wa't dit wie. As dat bern fan dij noch libbet is it al in hiel âld minske.

De foargong bij dizze begraffenis hiene: Dominy Heinecken fan Warkum en dominy Kropveld en dominy Tinholt fan Koudum. De sibben en goefreonen folgen yn rigels fan trije, ta it tal fan mear as trijehûndert. Nei ôfrin fan de begraffenis waard der in lyktsjinst hâlden yn 'e grutte tsjerke, wêr't dominy Tinholt yn foargie. De tsjerke rûn doe fansels mear as fol. De oare deis, dat wie dan snein 4 febrewaris, waard Foeke Gerrits van der Wal yn Koudum te hôf brocht. Ek by dy begraffenis hie dominy Tinholt de lieding en waard de lyktsjinst wer yn tsjerke hâlden. Foeke van der Wal wie trije moannen lyn nei Nijegea gien te wenjen, foarhinne wenne hij yn Koudum, wêr't dan ek de famyljegrêven wiene. Heit en pake hawwe my ferteld, dat Van der Wal fan begjin ôf oan eigener en kapitein west hie fan de 'Willem III', mar dat hij de boat ferkoft hie oan Knillus Sjoukes Bouma fan Koudum [Cornelis Sjoukes Bouma en Johanna Riesewijk] en in man fan Bakhuzen, en dat dit no Van der Wal syn lêste reis wie as kapitein.

Fan 'master Sjouke' út Amsterdam krige ik in brief, wêryn hy seit dat net Van der Wal, mar Knillus Sjoukes dy ûngeloksreis al kapitein wie. Ja, bêste freon, it kin bêst wêze dat it wol sa is sa't jo it sizze. Der feroaret it gefal net in soad om. Hertlik tank foar jo brief hear. Ut dy âlde krante blykt ek noch dat der ek minsken ferplege binne yn de boerepleats dêr op 'e 'Dammen'. As boer wenne der doe Jan Hantsjes Hiemstra. Fierder wurdt der ek noch sein dat de frou fan de feedokter Pol (Hillebrants hjitte hja fan harsels) ek tige mei yn 'e skrep west hie en ek in fernaam oandiel hân hie yn it helpen fan dy earme minsken wêr't sa goed as gjin libben mear yn like te wêzen. Sjesa. Dit wie noch ien en oar oer it ûngelok mei de 'Willem III'. Ik miende dit noch efkes fertelle te moatten. Jitris foaral myn tank oan al dy minsken dy't, is it mei in brief of sa persoanlik, blyk jouwe fan belangstelling yn dit âlde barren.